



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. De hiele famylje is doopt yn de Jordaan en begjint ‘in mij libben’. Dat makket dat se Jezus folgje op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan pake, harren grutte broer Daniël en oaren oer Jezus. Sara en Simon binne op deselde dei berne, in twilling dus. Sara is de âldste en tige nijsgjirrich. Simon is de jongste, mar wol de grutste. Sara fynt Simon eins mar in wiisprater, want dy hat op alle fragen wol in antwurd. Simon fielt himsels, as Daniël net thús is, de grutte broer en neamt Sara ‘myn suske’. Dat makket Sara poer. “Mar ik bin lekker de âldste fan ús beiden!”, ropt se dan.

24. De yntocht yn Jeruzalem

Lukas 19, 28-44

Sara en Simon reizgen mei heit en mem nei Jeruzalem ta. Dêr soene se mei de hiele famylje Pesach fiere. Pake soe ek komme. It wie in lange reis fan Kafarnaüm nei Jeruzalem. Se moasten ûnderweis wol in pear kear oernachtsje. Simon moast hieltyd tinke oan dy keapman fan wa’t heit de skiep kocht hie. Dy sei dat Jezus ek nei Jeruzalem komme soe om dêr Pesach te fierien. Dan sil der in nije tiid oanbrekke. Soe Daniël dat wol witte? Dy is ek keapman en komt wol faker yn Jeruzalem. Ynienen bleau heit stean. Hy dikere yn ‘e fjierte en rôp: “Ik sjoch Jeruzalem al lizzen! Noch ien dei en dan binne we der.”

Jezus reizge ek mei syn learlingen nei Jeruzalem. Underweis bleau Er stean en sei tsjin twa fan harren: “Sjogge jim dat doarp dêr lizzen?”

De beide manlu draaiden har om. Ien fan harren frege: “Is dat Betanië?”

Jezus knikte en sei: “Gean dêr hinne. Daliks as jim it doarp ynrinne, sjogge jim in jonge ezel stean. Gjinien hat der noch op rideń. Meitsje dy los en bring ‘m by my.”

De beide learlingen seagen inoar oan. Koe dat samar? Sûnder te freegjen in ezel meinimme? Mar Jezus sei: “As jim de baas fan de ezel sjogge, sis dan dat ik ‘m nedich ha.”

Sa hurd as se koene rûnen de beide learlingen nei it doarp ta... "Sjoch dêr stiet de ezel al", rôp ien fan harren bliid. "We sille him gau losmeitsje. Ik sjoch gjinien."

It wie net iens maklik om it bist los te krijen. Ynienen wie der in lilke stim: "Hé, wat moat dat dêr?"

De beide manlu skrokken! Dêr hiest it al. Sy draaiden har om en seine: "Wy wiene al bang dat jo it net goed fine soene. Mar de Hear hat de ezel nedich."

"Dan is it goed", sei de man. "Ik sil jim helpe." Syn stim hearde no folle freonliker.

"Wacht, ik sil it bist earst noch wat te drinken jaan. It is waarm."

De beide learlingen namen de ezel mei. De man rôp harren efternei: "Der hat noch gjinien op de ezel sitten, hear!"

Doe't se mei de ezel by Jezus kamen, luts ien fan de learlingen syn mantel út. Hy lei dy op 'e rêch fan de ezel en holp Jezus om derop te klimmen. De oare learlingen leine har mantels op de wei del. It waard in séft kleed dêr't Jezus oerhinne ride koe. Sa reizgen se nei Jeruzalem.

Boppe op de Oliveberch koene se Jeruzalem al lizzen sjen. Sjongend rûnen se by de berch del. Se tanken God en rôpen bliid: "Hjir komt de kening!"

De minsken út Jeruzalem kamen harren al yn 'e mjitte en rôpen: "Dêr komt de man dy't troch God stoerd is!" Se lutsen de mantels ek út en leine dy foar de ezel del. Bern brutsen takken fan 'e palmbeammen ôf om der mei te swaaien. Se songen en klapten: "Wy-bin-ne-frij-wij-bin-ne-frij.

Tusken dy sjongende minsken rûnen Sara en Simon. Heit hie foar harren in tûke fan in palmbeam ôfbrutsen. "Foarsichtich", rôp mem doe't de tûke har oer de holle swaaide. Simon hearde it net iens. Hy wie sa bliid en tocht mar oan ien ding: hjoed is alles nij! Dit is wat dy skieppekeapman bedoelde fansels.

Mei-ïnoar dûnsen se foar de ezel út. It waard ien grutte, lange optocht. Einlings wie it dan safier!

Mar tusken al dy sjongende en dûnsjende minsken rûnen ek in pear deftige Fariseeërs. Dy wiene hielendal net bliid. Ien fan harren sei tsjin Jezus: "Sis tsjin Jo learlingen dat se ophâlde mei dat mâle gedoch!" Mar Jezus helle de skouders op en sei: "Tinke jim no echt dat ik se tsjinhâlde kin?"

Doe't se Jeruzalem ynrieden, seach Jezus om him hinne nei al dy feestgongers. Wat hiene se in wille. De triennen sprongen Him derfan yn 'e eagen. Sûnder dat ek mar ien it hearre koe, flûstere Er: "Wat soe ik graach wolle dat it hjir frede wie."

